

Myn burd stiet yn brân!

Stel dat immen seit: „myn burd stiet yn 'e brân?“ Dan steane jo wol mei de mûle fol tosken. Wat moatte je dan antwurdzje? „Freegje in skeafergoeding!“ of „Nim in goeie advokaat!“ Mar earst it burd blusse fansels.

Unsin? Hielendal net. Skeafergoedings binne fan alle tiden, it probleem yn ús tiid is dat de skea alle kearen wiidweidich beprosedearre wurde moat.

Hoefolle better wie it regele by de Alde Friezen. Han Nijdam besprekt dat yn *Lichaam, eer en recht in middeleeuws Friesland de Aldfryske boeteregisters út de trettjinde ieu*. Yn de Aldfryske boeteregisters is oant yn it lêste detail fêstlein hokker skea de dieder oan it slachtoffer betelje moast. Guon bepalingen litte sjen dat de Alde Friezen ek wolris ûnfoege fiten útheefden, lykas dizze:

Ien syn burd yn 'e brân stekke, 4 skellingen fergoeding.

Dat is wol in nivere bepaling! Miskien dat ien syn roes útsliepte en dat de oare drinkebruorren foar de grap syn burd yn 'e brân stutsen. Of dat it ferbaarnde burd in gefolch fan brânstifting wie. Mar brânstifting wie wer in apart fergryp yn it boeteregister. Yn alle gefallen barde it faak genôch dat der in burd yn 'e brân stutsen waard om der in aparte bepaling yn it boeteregister fan te meitsjen!

i Taalkundige Eric Hoekstra wurket by de Fryske Akademy en fersoarget fan hjoed ôf oan de taalrubryk Wurden.

i Nijdam hat fan de fiif grappichste boetebepalings troch *Storyboards Leeuwarden* humoristyske ansichtkaarten meitsje litten. Op de efterkant stiet de tekst fan de bepaling yn it Aldfrysk, it Frysk en it Ingelsk. De ansichtkaarten binne kommende simmer te keap by de VVV's en boekhannels yn Fryslân, priis: 0,50 euro.